

## Underdielen The Challenge

1. It boek 'The Challenge', skreaun troch Anita Terpstra út Ljouwert, in bekende skriuwster fan thrillers.
2. In online audiomeilêsfersjerje te finen op Searje 36 en [www.thechallenge.frl](http://www.thechallenge.frl)
3. Opdrachteboekje rjochte op lêsbegryp, Fryske sprekfeardigens en it útwikseljen fan mieningen oer tema's dy't passe by boek en doelgroep.
4. Webside [www.thechallenge.frl](http://www.thechallenge.frl) mei teaser, ynformaasje, evaluaasje en oare nijsgjirrichheden.

## Dosintehantlieding by it opdrachtboekje

- It opdrachtboekje bestiet út 6 lessen. Sa'n les kin bestean út ien reguliere les, mar meist der ek langer oer dwaan. De measte ûnderdielen sille yn in les fan 60 minuten passe, mar ast 45 minuten lesjoust, dan kinne guon opdrachten thús (ôf)makke wurde.
- De lessen besteane hieltyd út fragen by it boek en in saneamde challenge. De challenge dogge de learlingen yn groepkes. Fansels hast as dosint sels yn 'e hân hoe'tst dat ynklaaie wolst.
- Is der in bepaalde challenge dy'tst net geskikt fynst foar dyn learlingen, dan kinst dy ferfange troch 'Kies in challenge' by les 5. Dêr steane 6 wat gruttere opdrachten by it boek dêr't learlingen mei oan 'e slach kinne.
- Les 6 is de ôfslutende les. The big challenge kinne jim sa grut of sa lyts meitsje as jim sels wolle. In (miny)kampanje organisearje is in leuke wurkfoarm dêr't learlingen gearwurkje om mei-inoar oer de tema's fan it boek nei te tinken en der by stil steane hoe't se de wrâld in bytsje moaier meitsje kinne. Dat kin al hiel lyts troch bygelyks in poster te ûntwerpen en yn de kantine op te hingjen. Guon learlingen sille hiel grut tinke, as dosint is it oan te rieden om dat te kontrolearjen en te begelieden. Is it realistysk? Hoe kin it ek, mar dan yn it lyts?
- It opdrachtboekje is ditkear net in ynfolboekje wurden. Ynfolje kin op Searje 36, of op de bylevere ynfolposters. By elke les heart in ynfolposter. Dizze A3-posters binne spesjaal ûntwurpen om de antwurden en ideeën fan de les yn kaart te bringen. De poster kin yndividueel, yn groepkes fan twa of mear ynfolle wurde. Tagelyk is it in moaie wize om oan 'e ein fan de les mei te evaluearjen. Tip: kopiearje de poster nei ferlet op A3-formaat sadat de learlingen genôch romte hawwe om te skriuwen.



## Neiere útlis challenges

1. De challenge fan les 1 is: 'Dwaan/doare/wierheid'. De spulregels steane omskreaun ûnder elke opdracht. Lit learlingen sels in groepke of in twatal kieze, of diel yn op eigen pedagogysk ynsjoch. Meitsje harren bewust fan de taal dy't se brûke yn it petear. Helpsinnen kinne de learlingen helpe om yn it Frysk te begjinnen. Op it boerd soenen sinnen stean kinne as: 'Ik soe dit wol/net doare, want...' 'De konsekwinsje dêrfan soe wêze kinne...'
2. De challenge fan les 2 is: 'Wat soesto dwaan...?'. Foar dizze challenge is it handich dat de learlingen yn duo's wurkje. De stappen steane helder formulearre. Keppelje Frysktalige oan Nederlânsktalige learlingen. Sa kinne se elkoar helpe by de útspraak fan de sênes. Der binne 5 sênes, guon groepkes krije dus de deselde sêne. In nijsgjirrige tuskenstap soe noch wêze kinne dat deselde groepkes mei elkoar harren útkomsten beprate. Ofsluting: wêr kieze jim foar? De sênes útspylje foar de klasse of klassikaal beprate?
3. By de challenge fan les 3 ûntwerpe de learlingen avatars fan de karakters út it boek. As dosint kinst sels bepale hokker materiaal ast se dêrfoar brûke litst. Yn it opdrachtboekje steane suggestjes. Tekenje, knippe, plakke, in app brûke of sels kieze litte.
4. By de challenge fan les 4 geane de learlingen oan 'e slach mei stellingen. Om't guon learlingen net wend binne om te diskusearjen kin de taalkaart (sjoch ynfolposter) ynset wurde sadat se leare harren miening te ferwurdzjen en te ûnderbouwen. Dúdlike ynstruksje hoe te diskusearjen is oan te rieden. Bepraat dat goed mei de learlingen. Learlingen prate elkoar gau nei, lear se dat harren eigen miening der ta docht en dat it just nijsgjirrich is om fan miening te ferskillen. Respekt is fan belang. Ek it praten fan de eigen memmetaal!
5. By de challenge fan les 5 kieze de learlingen sels in opdracht út 6 challenges. Dizze opdrachten kinst as dosint ek noch ynwikselje tsjin in challenge fan in oare les dy'tst minder geskikt fynst foar dyn klasse.
6. De challenge fan les 6 is: THE BIG CHALLENGE. Dêrby meie de learlingen yn groepkes in tema kieze dêr't se kampanje foar fiere wolle. Groepsdruk? Game? Social media? In oar tema út it boek? Ien fan de groepkes soe bygelyks in kampanje 'stop online haat' útsette kinne. Mei dat tema kinne se de stappen út de challenge folgje en sa in kampanjeplan opsette en útfiere kinne.



**Stap 1:** de w-fragen. 1. Wat wolle wy berikke? 'Dat der minder online haat is op social media.' 2. Wêrom wolle wy dit berikke? 'Omdat it soarget foar in soad negativiteit, mar we wolle just positiviteit.' 3. Wa dogge mei en wa wolle wy berikke? 'Wy dogge dit mei ús klasse en wy rjochtsje ús op learlingen fan dizze skoalle.'

**Stap 2:** 'Wy meitsje in poster foar yn de kantine en leslokalen. Wy meitsje in social media akkont oan en betinke dêr posts foar. Wy freegje de mentoaren om yn de mentorles oandacht te jaan oan dit ûnderwerp en wy ûntwerpe in les foar harren om yn 'e klassen te behanneljen. Ensafuorthinne.

### Online audiomeilêsfersje

In online audiomeilêsfersje is te finen op Searje 36 en [www.thechallenge.frl](http://www.thechallenge.frl). Learlingen dy't it dreech fine om it boek yn it Frysk te lêzen hawwe in soad stipe oan dit 'harkboek'. Guon oare learlingen fine it hiel fijn dat der mei lêzen wurdt. Advisearje de learlingen wol om it boek net allinnich as harkboek te brûken, troch mei te lêzen leare se safolle mear.

### Webside

Op de webside fan [www.thechallenge.frl](http://www.thechallenge.frl) kinne sawol dosinten as learlingen ynformaasje fine oer it projekt. Neist ynformaasje oer LêsNo fynst dêr ek de teaserfilm (moai om it projekt mei te yntrodusearjen!), de audiomeilêsfersje, de posters, de lessen, de dosintehantlieding, de evaluaasje en mear. Ek op Searje 36 is it projekt yn syn gehiel te finen.

